

Foaropwurd

Fers2 nû. 4.15, 7 oktober 2018

## Woarstefeest, of

hoe't alle ynstituten fleurich meidogge oan 'e misogine kanonregularisearing



“Wie it mar kut,” sei de mem/skoanmem fan de *Fers2*-redaksje. It omslach fan it mei 34 mille jiers oerheidsstipe op papier printe Fryske literêre tydskrift rôp wol lûd fan ‘taal is kôt’, mar fan de 15 bydragen wiene inkeld 4 fan in frou.<sup>1</sup> Never judge a book by its cöver. Mem/skoanmem hie deroer tocht om it tydskrift op te sizzen, mar dan moast der in briefke by dat se net opsei om’t se tinkt dat kôt ûnsmaaklik is, mar om’t manlju ophâlde moatte har de kotten ta te eigenjen sûnder dat de froulju der sels wat fan sizze meie en om’t se it der net mei iens is dat de *body language*, fan âlds it domein fan de frouljuspoëzij, no mei oerheidsstipe hielendal ûntpolitisearre is, sadat de mienskip benammen sa iepen is troch alle gajpende efterdoarren wer nei bûten ta.

De foardoarren klemme oars ek. Under it nij ferskynde Frysk proaza en poëzy yn 2018 binne 16 wurken fan in man of in span manlju en 5 wurken fan in frou.<sup>2</sup> De man-frouferhâlding ûnder de meidoggers fan *Fers2* is 19 om 13, wat net is wat wy wolle, wy wolle 16 man om 16 frou. Mar: wy kinne der neat oan dwaan! Want

▫ Se wolle sels net.

It Fryske dichterskollektyf sei it niis noch. Se soene dêre by it kollektyf, ynsinuearre *Fers2* fjirtjin dagen lyn, neat dwaan oan de minne genderferhâlding fan (no noch altyd) 31 manlju om 10 froulju. Dat wie net sa. Se diene al wat. De froulju binne frege, seit it kollektyf. Mar se wolle net. De iene frou yn de kollektyfredaksje is trouwens net frege, dy kaam út harsels. Doe’t se der siet is der dalik in ekstra man yn de redaksje set. Dat wie net om dy frou te neutralisearjen mar om’t de man him sa thúsfielde by it kollektyf (sjoch Manlju fiele har sa thús).

▫ Se jouwe it op.

Douwe Kalma wie in feminist. Der komt skielk wer in hagiografy fan Kalma dy't fernije sil dat Hy mei Syn jongfryske mienskip de jonge froulju tagong joech ta de keunsten. Wierskynlik komt der net by te stean dat it Waling Dykstra wie dy't yn 1854 foar it allerearst yn 'e Fryske skiednis yn in Frysk tydskrift publikaasjes fan froulju opnimt, ûnder in frousljusnamme.<sup>3</sup> Ek net sein sil wurde dat Kalma de doar iepensette foar froulju om't de massale mobilisaasje—it wie oarloch—oant 400.000 manlju tusken de 20 en 29 jier it leger yn luts op in befolking fan seis miljoen, sadat, as Kalma in sosjale beweging ha woe ynstee fan wat teebesite, er in berop dwaan moast op de froulju. De nommele moraal (sjoch Wy binne wol foar ferskaat) waard meisleapt troch deagewoan praktysk tinken, dat wol sizze troch it fernimmen dat de jonges op 'e trein stappe en de fammen op it perron efterbliuwe. Nei 1918 sakket dan de jongfryske mienskip yn as in keek mei tefolle aaien en fan de froulju hearre wy amper mear. Klaske Sipma, mei-oprjochter fan de jongfryske mienskip ferdwynt spoarleas, nei alle gedachten yn houlik & húshâlden, de sloppeling. De oarloch is dan nammers ôfrûn en it manfolk wer thús.

▫ Se binne net ambisjeus.

Wy sille net sizze fan 'Se binne net ambisjeus *genôch*', want dat klinkt sa mislik, mar gewoan dat se gjin ambysje ha. Wolle jo as frou meitelle en ernst nommen wurde, dan moatte jo, tink derom, earst in papieren dichtbondel publisearre hawwe en gjin bernelieten mar it rituele Fryske glânsleaze djipsinnichhedenfrijfers. Want in man sûnder poëzyboekje komt der wol, bygelyks Ensafhredakteur Looijenga, mar in frou bestiet net sûnder bondel op papier en de Tresoardirekteur—dy't wol beart as is er professor boekwittenskip, mar der neat fan ôf wit—hat it allinne oer de manlju as er orakelet dat 'multymedialiteit' it papieren boek ferkringt: mis! Tresoar/Sirkwy erkent Friduwih Riemersma, dy't kiest foar online publisearjen, net as skriuwer. In froulike blogger is in frou (mei in blog) en nea in literator.

Dus moat de frou dy't in literêre frou wêze wol hurder wurkje as de manlju, nea blogge oer de bern mar leafst artikelskriuwe mei noaten, beslist mear as de trochsneed 1000 wurden deis delsette en dat jier yn jier út, lykas Aggie van der Meer. En as hja, de ambisjeuze frou, net al njoggentich is en dêrom eksintryk of senyl en om't hja de skriuwersbuorrel mist dy't yn wurktiid is, is hja in obsessive streber—in man mei gelikense ambysje is passionearre, of gewoan serieus—en skouderje har kollega's, man en frou, har en besjogge har mei kweatinken en hja komt komt dêrom likegoed, net nettsjinsteande mar omreden fan har ambysje, net yn 'e beneaming foar aardige taken en baantsjes, want wat moatte jo mei sa'n ûngesellich frommis dat altyd sit te typen.

▫ Wy binne wol foar ferskaat, mar net elkenien is dat.

Yn alle sektoaren en net allinne yn de literatuer is der in flink glêzen plafond. Hoe yn 'e goedichheid soe it Fryske literatuerke dat feroarje kinne? Wy meitsje der in retoaryske fraach fan sadat net lieperts de finger opstekke en sizze dat allerhanne skreaune—de letterhoekeregeling—en net-skreaune regels om konservative redenen tefoaren komme dat se de Tresoardirekteur ferfange troch trije froulju, omdat—wat wy al lang witte, want ûnder oaren polityk teoretikus Veit Bader hat tweintich jier lyn al in model derfoar op 't aljemint brocht—it brekken fan it glêzen plafond slagje sil as froulju, dy't net as iennichste yn manljuskriten wurkje wolle om't it net efektyf is, mei syn twaen of trijen yn in beskate posysje oansteld wurde, sadat se mei in genderoerwicht fan 60/40 op har beslissingsnivo, lykas ek it (haad)redaksjenivo, mei measte stimmen jilde de kultuer feroarje

kinne. En stel der komt sa'n froufleonlike redaksjekultuer, sa ynklusyf as wat, mei positive aksje en planmjittige akwisysje, mar

▫ Froulju skriuwe leaver net oer X.

X is wêr't jo wolle dêr't se oer skriuwe, lykas by it dichterskollektif 'de aktualiteit', en dêr't jo al sa faak—want it út syn ferdomhoekje slepen fan de marzjinalisearre sekse hat ferlet fan eigen goederbêst beskoalmasterjen—fan útlein ha wat de X krekt ynhâldt en as se mear takomst ha wolle as frouljusskriuwerij tusken 'e ruften fan 'e beppesizzers, dy't echt nea opmurken wurde sil, se eins gjin kar ha as de X, want de oaren dy't har eigen X wol meitsje, wurde (yn 2018 noch jimmer) útmakke foar neuroatyske feminist en dat is ek mar begrutlik. Lykwols giet dy peptalk oer 'de aktualiteit' steefêst tsjin de smelle rêgen fan froulike skriuwers fan faak de generaasje fan mem/skoanmem. Se ha gjin sin om in rinnende kul del te setten yn Tresoar, in semyoerheidsynstitút dat him likemin as alle oare Fryske ynstituten bekroadet om de *gender gap*—googlejen nei "Grytsje Schaaf" dy't as frou meikulle mocht, smyt ûnder de earste 20 risseltaten gjin inkelde ferwizing nei har literêr hanneljen op, as bestie it net, om't Lân fan Taal, Tresoar, Skriuwersboun ensf. âlderwenst de mear weardefêste  $\sigma$   $\sigma$  lit promoatsje<sup>4</sup>—mar da's net har wêzentlike beswier. Nee, guon grute dat literatuer de dining fan it libben fiele lit sa't ien it libbet; dat se dêrom net leauwe oan 'de' mei krantetaal glêdstrutsen iepenbiere 'aktualiteit', en oan gjin inkelde 'de' X dy't just sa homogeen 'de' is om't libbensûnderfiningen dy't 'de X' net helje, gjin namme hawwe meie.<sup>5</sup>

Mei it ûnpersoanlike personalisme fan it ynterbellum, dat gjin yndividu of autobiografy woe mar in lyryske brede karakteristyk fan de tiid, of by de jongfriezen de tiidleaze essinsje fan it folk, wie ûnfrede te ferwachtsjen. It sille de manlju, Robert Lowell foarop, west ha dy't it earst yn 't iepenbier har nocht hiene fan it formalisme, by de jongfriezen it sonnettisme, ommers de froulju wiene fierhinne útsletten fan it iepenbiere diskoers. Mar dêrtroch hienen de froulju it in stik dreger mei it skeppen fan eigen romte. De tradisjonele easken fan it húshâlden botse mei it iepenbiere libben fan de ferbylding, sei Adrienne Rich yn '72. Sadwaande is de froulike dichters har húsbakte poëzy rauwer en persoanliker as de fersen doe oer de Zeitgeist en no oer 'de aktualiteit', en giet oer it frouljusliif en oare obstakels yn it frouljuslibben.<sup>6</sup> Mar sûnder in útsprutsen beweging komt in nije utering net fan 'e grûn, is ek it prinsipe ûnder it model fan Bader.

It sechstigerjierrenfeminisme kaam op. Dat—net Lowell—berne de konfesjonele poëzij, de stim fan de ûnderdrukte froulju, mei syn beskamsum yntime portret fan slachtofferskip fol dingen dy't jo yn it iepenbier net hearre te sizzen en pine en gûlen op 'e trep, lykas [yn it wurk fan Tine Bethlehem](#) en fan [Carla van der Zwaag dy't fierder borduerret op Anne Sexton](#).

Wat earder binnenmûlsk of teminsten yn jins keamer bleau, [blykt wiswol lyryk te generearje te kinnen](#). De konfesjonele styl hat, alteast yn de FS, de ûnthechte modernistyske poëzy enoarm ferrykt. Mar de ferriking fan it sjenre brocht amper in ferriking fan it dichterskip, yn dy sin dat it de posysje fan froulike dichters net helpt. Hja sille nea in represintative kanon fan frouljusliteratuer produsearje, seit John Guillory, want der binne simpelwei temin fundearjende teksten fan sosjale minderheden, en dêrûnder froulju, om't it eartiids net iens de muoite wie dy groepen lêzen te learen.<sup>7</sup> Yn 'e achttjinde ieu waard literatuer hannelswaar, boeken promoaten it opkommend kapitalisme en waarden kommersjele kanonike objekten en misogynie opfettingen oer froulju waarden ferspraat om de kapitalistyske winsken op te poken.<sup>8</sup> Doe't froulju nei skoalle koene waard frouljusfiksjie al gau gettoisearre—fan froulju, oer froulju, foar froulju—yn sjenres dy't der net ta diene lykas românses.

Likemin serieuze literêre komposysje en altyd wol beoefene troch froulju wie it deiboekskriuwen, wat troch syn histoarysk gendearre praktyk de yntime ‘autobiografyske’ konfesjepoëzy yn de typysk froulike hoeke dreau.<sup>9</sup> Dat is letterlik de krytyk fan in froulike (!) besprekker fan it wurk fan Tine Bethlehem: “It grutste beswier tsjin [de fersen is] ... It dichterlik ‘ik’ hat amper ôfstân fan de skriuwster Bethlehem wêrtroch’t de bondel nei myn betinken tefolle in deiboekkeftich karakter krijt en minder nijsgjirrich is foar (manlike en froulike) lêzers dy’t mear yn poëzy sykje as identifikaasje.”<sup>10</sup> Sa’n resepsje lit, útsein it tradisjonele útwiskjen fan sosjaal ferskil yn it belang fan Fryske ienheid, it fallyt fan de literatuerkrytyk sjen, dy’t de relaasje en ferantwurdlikens fan de lêzer njonken de tekst en de kommunikative aksje ûntkent en de politike utering neutralisearret troch dy werom te bûgen nei de dichter, as seach hja allinne mar yn ’e spiegel en swaaide hja net efter it sletten rût wei nei de lêzer fan joehoe feroarje ús wrâld. NB de Fryske *kitchen-sink realism* kanonisearre deselde besprekker wol as ‘fernijend’; in styl mei manlike auteurs en dito protagonisten, dy’t hjir net tierre.<sup>11</sup> Mar depolitisearjen fan it frouljusfers is net it hiele ferhaal. Want, fansels wol mannichien mear yn poëzy fine as identifikaasje, is de stille foaroanname.

Dat hat gjin empiryske grûn—de *online sharing* fan hûnderttûzenen nije gedichten deis hat hast gjin oar doel as identifikaasje—mar wol in normativenien. Hegemony! seit Guillory. De elite ferspriedt elitêre teksten om’t dy it kultureel kapitaal fertsjintwurdigje en keart de oare teksten; “it is perhaps an illusion of our own age to believe that we are simply free to read and write whatever, whenever, and however we wish.”<sup>12</sup> “Literary works must be seen rather as the vector of ideological notions which do not inhere in the works themselves but in the context of their institutional presentation, or more simply, in the way in which they are taught.”<sup>13</sup> De kanon sleat—slút noch—it bloeiende ‘ik’ en de romantyske of just kôttige subjektiviteit fan de frouljusskriuwerij út. Dat slagget better as de kanonrelativisten lykas Guillory, dy’t sizze dat de kanon in kultureel artefakt is want in sosjale ôfspraak en as sadanich arbitrêr en ûnôfhinklik fan kwaliteit of estetyk, it swijen oplein wurdt troch de kanontradisjonalisten.<sup>14</sup> Dy lêsten definiearje poëzy as kultuerneutrale foarm. Se ferkinge dat poëzy ek altyd sosjaal diskoers is, dus histoarysk oftewol ideologysk mooglik makke en beheind,<sup>15</sup> en sizze wat wy alle dagen hearre yn Fryslân: teksten bedarje yn ’e kanon om ynherinte & transindinte kwaliteiten. It gefolch is dat de Fryske kanon in woarstefeest is.

▫ Manlju fiele har sa thús.

Froulju hawwe baat by in kanon fol manlju, want dat ferheget yn in patriargale maatskippij mei manlik kultureel kapitaal de wearde fan de kanon. Dêrom wolle etnyske minderheidskanonfoarmers har kanonisearre masterwurk ek yn ’e mearderheidskanon hawwe en dêrom optearje froulju meastal net foar in aparte frouljuskanon. Mar de earste froulju komme oerein dy’t ek noch net dea fûn wurde wolle yn de Fryske (manljus)poëzykanon. Want Piter Boersma fielt him al goed fyftich jier thús as in lús op in heareholle. Yn it steatsliteratuerreservaat sûnder natuerlike fijannen koe syn *frisian fun poetry* him útwreidzje oant it ’t fjild folslein oerhearske. It rûnombywêzige leechdrompelige, holle, *tabloidy*, amorele, waanwiis joalige, lêstekenleaze, wanlûdige, gjin inkelde ambachtlike betûftens en fral gjin polityk-moreel bewustwêzen easkjende, koartsein loaze fers hat it poëtysk klimaat aardich skea dien. In *poetry generator* fuorre mei de kaaiwurden fan in gedicht út it Boersmareservaat makke der dalik in krêftiger gedicht fan.<sup>16</sup> Dat is gjin wûnder: sa’n generator wurdt foar’t er ek mar ien rigel dichtsje mei grôtfol stopt mei fersen dy’t tiids tosk wjerstean om har yndrukwekkendheid, lykas ‘Howl’ fan Ginsburg; mar yn it reservaat wurde de dichters inkeld oerdiedige wytrigels oanbean en neatsizzendheid.

Yngripender as it fêstigjen fan de nikserichheidsnoarm is de frou-ûnfreonlike kanonregularisearring. Dy krijt syn beslach troch twa folslein akseptearre en foar leaf nommen faktoaren. Earst, manlju dy't it kleardernôch mei opsetsin dogge sa't it net moat en mei primêr balten har territoar markearje, binne romantysk dwers en de lilke jonge man assosjearje wy—net sûnt John Osborne want gjin Fries ken him, mar troch de popkulturele 'aktualiteit'—automatysk mei revolúsje en waaksdom. Dêrfoaroer is in *angry young woman* gewoan hystearysk. It etiket op *old angry women* is noch banaler. Dat de jonges krije foarrang salang't se neat presteare: 'dwerslizze'. Fan de froulju ferwachtsje se wiswol prestearen as bewiis fan de 'ynnovaasje' of—want artistisiteit is nea in eask; klinkt te rânestedsk—'kreativiteit', sjoch nei Elske Kampen, dy bealget foar twa sûnder in fiedingsboaiem dy't makket, 300 wurden deis en nea in buorrel ûnder wurktiid; en mear noch easkje se folwoeksenens, i.e. saaije net-salonfâhigheid (sjoch Se binne net ambisjeus), wat hjoed stiet foar net-kanonfâhigheid. Twad, it seksisme yn de *fun poems*, as wiene wy noch yn Osborne syn jierren fyftich, en

▫ Wy hawwe se noch sa útnoege om mei te dwaan.

Yn in rokje en op hege hakken, "myn leafste / astû no dyn kop ris hâldst",<sup>17</sup> as ferlechjebrechje, om—don't ask what your dichterskollektif can do for you—mei te helpen it manlik kultureel kapitaal oer te dragen, want sis no sels, de manljusbeneiering soe de frouljuspoëzij goed dwaan. Ynstee fan oer de subjektive eigen kôt te mûskopjen in *male muse* nimme en dy midden op 'e dyk mei de *male gaze* besjunge: dat soe it krekt lyrysk meitsje. En as it lyrysk is, is it goed en komt it yn 'e kanon? Ha nee. Kontraseksisme, hoe subversyf as it ek wêze kin, set froulike skriuwers finzen yn sjenrefiksje, Harlequinromânse.<sup>18</sup> Boppedat is—bûten it reservaat—de wrâld fierder draaid en de sosjale ferhâldingen ferskood en foar de poëzij is te let om muzen en *plein publique* ôf te skilderjen as striphelden mei fjouwerkante kaken en dêr dan thús om te gnizen, as wie in fiktoarje.<sup>19</sup> Want dat is it bliksem net.

▫ It heart der no ienris by.

Seit it [nije koarte Fryske literêre kanonboekje fan Joke Corporaal](#): "As wy de oantalsferhâlding tusken manlju en froulju mei 4:1 justjes leger skatte as dy is [*sic!*], dan soene je ferwachtsje..."<sup>20</sup> Aldergelokst trochsjojge jo dalik de famkeswiskunde: ferhâldingsferlikingen a:b gean mei lytser of grutter, < of >, nea mei "leger", mei in gruttere ûngelikens as a > b en in lytsere ûngelikens as a < b, sadat de ferhâlding 4:1 lytser is as bygelyks 4:3 (fine jo út as jo beide ferhâldingen mei itselde getal fermannichfâldigje), en in ferhâlding lytser "skatte" as dy "is" is typysk betankjen foar hurde akkuratesses út eangst foar skourkes yn 'e neillak. Mar de briljante redaksje dy't it *is* net fan it *ought* ûnderskiede kin, hat it moai stean litten. De polityk nammentlik driuwt op 'lytser skatte ferhâldingen' dy't dêrnei jilde as natuerlik útgongspunt foar wat jo tenei "ferwachtsje soene": as omstannichheden dy't no ienris sa binne, al in hiel lang skoft, sadat se ek wol sa wêze moatte sille en dus goed binne en rjochtfeardich. Dêrom, om't Corporaal op in goeie dei globaal rûze dat yn Fryslân ien op 'e fiif Fryske skriuwers froulik is, sil 50/50-gendergelikens gjin eask mear wêze foar Fryske literatuersubsydje en -promoasje. Oan in dea hynder moatte jo net lûke. Se woene sels net.

Tsien skriuwers binne frege om har bydrage oan it debat oer de gender-gap yn de Fryske literatuer.

- 1 Dat is net in útsjitter want it lêste jier *Ensafh*, fan jiergong 2017 nûmer 4 oant en mei jiergong 2018 nûmer 3, lit ûnder de bydragers dizze man-frouferhâlding sjen: 14:7, 10:5 (Relynûmer), 15:8, 15:4, 7:2 en 11:4.
- 2 ‘Nij ferskynd wurk’, *Sirkwy*, g.d. <<http://www.sirkwy.frl/index.php/boeken/nij-ferskynd-wurk>> [krigen 26 septimber 2018].
- 3 Froulju yn *De Fríske Hûsfrjeun* 1854: Janke, ‘Oan de Redakteur fen de Fríske Hûsfrjeun’ (83-86); Janke, ‘Twadde brief’ (119); Metsje, ‘Lou op Moandeitojoun’ (119-120, rym); Metsje, ‘Fintsje op Moandeitojoun’ (121-123, rym); Janke, ‘It Forboun fen in Sûper en de Dead’ (123-126, rym); Gepke, ‘De Mem mei hjar Berntsjes in de Blomtún’ (126-127, rym); *De Fríske Hûsfrjeun: Rîm en Onrîm* 4 (1854), útjûn troch Waling Dykstra, *Hathitrust* <<https://babel.hathitrust.org/cgi/pt?id=hvd.32044105240824;view=1up;seq=7>> [krigen 27 septimber 2018].
- 4 *De header image* fan Sirkwy, it literatuerweb fan Tresoar, is in kollaazje fan in seleksje fan mear as ienris, bygelyks fiifris yn it gehiel kopiearre en plakke skriuwersportretsjes, te witten mei-inoar 133 portretsjes en dêrûnder 102 fan in manlike skriuwer en 31 fan in froulike: in ferhâlding fan 4,3:1 dy’t op neat oars basearre is as arbitrêr, mar likegoed *male biased* selektarjen en kopiearjen.
- 5 Betty Friedan, ‘The problem that has no name’, yn *The feminine mystique* (New York: Norton, 1963) 15-32. “They were taught to pity the neurotic, unfeminine, unhappy women who wanted to be poets or physicists or presidents.” (15-16)
- 6 Adrienne Rich, ‘When we dead awaken: Writing as re-vision’, *College English* 34.1 (1972) 18-30, 23 <<http://opencourses.uoa.gr/modules/document/file.php/ENL9/Instructional%20Package/Texts/Readings/Feminism-%20Further%20Reading/RichAdrienne%20When%20We%20Dead%20Awaken-Writing%20as%20Re-vision.pdf>> [krigen 27 septimber 2018].
- 7 John Guillory, *Cultural capital: The problem of literary canon formation* (Chicago: University of Chicago Press, 1993) 15.
- 8 Laura C. Mandell, ‘Misogynous economies: The business of literature in eighteenth-century Britain’, *Literature in English, British Isles* 64 (1999) <[https://uknowledge.uky.edu/upk\\_english\\_language\\_and\\_literature\\_british\\_isles/64](https://uknowledge.uky.edu/upk_english_language_and_literature_british_isles/64)> [krigen 27 septimber 2018].
- 9 Sjoch Valerie Raoul, ‘Women and diaries: Gender and gene’, *Mosaic: An Interdisciplinary Critical Journal* 22.3 (1989) 57-65 <[https://www.jstor.org/stable/24780526?seq=1#page\\_scan\\_tab\\_contents](https://www.jstor.org/stable/24780526?seq=1#page_scan_tab_contents)> [krigen 27 septimber 2018].
- 10 Babs Gezelle Meerburg, ‘Fata morgana’s fan leafde’, *Leeuwarder Courant*, 10 novimber 1995, 24.
- 11 Babs Gezelle Meerburg, ‘Hwant wij binne it nijs boppe en ûnder de sinne’: De smearlappen fan Anne Wadman en Fabryk fan Trinus Riemersma as as ‘fernijende’ Fryske romans, Proefskrift RU Leiden (Ljouwert: Fryske akademy, 1997). Dat it sosjaalrealisme yn Fryslân gjin streaming waard stiet net los fan it Fryske keunst-om-de-keunstdogma dat de skriuwer syn morele *agency* ûntnaam.
- 12 John Guillory, ‘Canon’, yn: Frank Lentricchia en Thomas McLaughlin (red.) *Critical terms for literary study, Second edition* (Chicago: University of Chicago Press, 1995) 233-249, 239.
- 13 John Guillory, *Cultural capital: The problem of literary canon formation* (Chicago: University of Chicago Press, 1993) ix.
- 14 Marina Grishakova, ‘Poetics of the return: on the formation of literary canon’, *Senoji Lietuvos Literatūra* 18 (2004) 23-29, 23-24 <<http://www.litai.lt/failai/e-zurnalai/SLL18/XVIIIstr23-29.pdf>> [krigen 27 septimber 2018].
- 15 Antony Easthope, *Poetry as discourse* (Londen / New York: Routledge, 2003) 19.
- 16 Wolf, Free verse by Fri <<https://www.poem-generator.org.uk>>. A bighorn, however hard it tries / Will always be lurk. / Does the bighorn make you shiver? / does it? // I saw the wander cervid of my generation destroyed. / How I mourned the elk. / Does the elk make you shiver? / does it? // Bison is, in its way, the few of bovid. / Does the bison make you shiver? / does it? (It orizjineel stiet op rixt.frl)
- 17 Geart Tigchelaar, ‘Reidsjonge’, *Ensafh* 10.2 (2018), 57.
- 18 Elizabeth Reid Boyd, ‘Trashy, sexist, downright dangerous? In defence of romantic fiction’, *The Guardian*, 14 febrewaris 2017 <<https://www.theguardian.com/books/2017/feb/14/trashy-sexist-downright-dangerous-in-defence-of-romantic-fiction>> [krigen 27 septimber 2018].
- 19 Clare Pollard, ‘The female poet and the male muse’, *Magma* 37:2 (2007) <<https://magmapoetry.com/archive/magma-37-2/articles/the-female-poet-and-the-male-muse/>> [krigen 27 septimber 2018].
- 20 Joke Corporaal, *Salang’t de beam bloeit: Koarte skiednis fan de Fryske literatuer* (De Gerdyk: Bornmeer, 2018) 108.